

saonziis om in sintum hinne

bining oant op de bonke fan it biskonken bistean
dat binne berte en dea ûnder de pannen dakken
fan fan hegezhân regele libbens op 'e deistige rigele
stikem bisykjend to barsten út it bolster fan't bliwende
hwezyn't de helpleaze lidden forlamme lizze middenmank
de ta dea wankende omearming fan liddigens
dat binne stiennen fan tsjerke en paed yn hûm en kearn
dy't god fan luwa slypje moatte ta 't efterútleine lok
dat lokjend bynt tusken de bonken fan it forsonken bistean

foaz de oefene eazen binne der dreamers
dy't lûdop prate oer de wrakseling fan de wrâld
de dream de rabber fan de totrêdde geast
de nachten as it skaed fan it deistich praet
op ljochtskyndeï yn de forblining fan it sizzen

deaden touterje op libbene tongen

mûlen lûsterje de winske nammen fan leafsten
hwat seist? sst! mûzen yn de golle fan it hert
hark de fleazmûs fan de wrok wjokket troch it wurd
bylâns it sprekhûs fan de ûle dy't syn tael ballet
hwat seist? sst! bonken yn it grêf fan de bek

rusten waeije as flagen fan heaper oerjeste
oan fan stambeam ta stambeam spande libbens

Sa lit ik my yn de rusten fan de simmer lizze
mei de bernewein fan myn tael nei de sinne to triuwen

it blinke bloed fan de stille hertstocht streamt
as jierren troch de iuwen yn sletten slachten
dy't slingerplantsjend har twigen yn de tiid bifrisselje

ginnersjes sichtber as seizoenen fan fleis en bonke
reizgje troch dy tiid yn de trage karafan fan't bistean

âlde lieten frieten de skinken fan de souden
sprekwurden op de balken yn de eagen
spekwurden boezen ta de dôfpôt fan de dea
(ta it libben útsongen fleis)
((grou op de graet fan de arbeiders))

drôve lieten hongen as skinken oan de balken
sprekwurden stik foaz stik smoazend yn de strôt
gekwurden boezen útsprutsen yn hing nei de dea
(ta it libben úthongen fleis)
((grousum yn it praet fan de arbeiders))

(((anekdoaten)))

bikind ûnder pauwozzen is it sintzum
as deade fûgel yn it lân fan it arktysk seizoen
sels de poalwyn krjft gjin fet op syn wjok

ald as de stien is it de winter ynqien
op 'e hichte holden fan sniejacht sjende eagen
bij wozen noch ûnbikind biferren folet

De folkstunen yn in rustige simmermiddeldein
bou yn de fliberige mûle fan de ekerkekeuters
in swarttarre skouke as in deade fisk op 'e wâl
fiiffingerige termen dy't de qienuiete stille
tusken de tryste beane ta drippen forsnipperje
in angelfisket dobberjend tusken de yndoodde reiden
yn it lân weromlutsen lûden fan dimmen fûgels en
wetter as matqlês forbining sykjend mei de fierte

dat alles kziqet in âld kopergraveren karakter
hweit de mûs fan de hân syn grûs hier yn forliest
oan de deadsk hingjende loft fan in skoftsjende print
dy't tûdlesheit seit lyk strak stjerre yn nou

